De Twirre

septimber 2021

Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 38e jiergong nr. 3: september 2021. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente.
Kopij foar it kommende nûmer graach foar 1 desimer by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra till. totzondag@gmail.com	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmentlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl	0545 - 29 2836
Ponghâlder	Piet Visser ponghalderffk@gmail.com	0546 - 825110
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com	074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com	074 - 242 7217
	Joukje Eringa joukje.eringa@gmail.com	
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@gmail.com	

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn ’t jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekkennûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Fryske siswizen

It hûs giet hjoed oan de man - it hûs wurdt hjoed ferkocht.
Op de man spylje - de spiler ynstee fan de bal spylje.
Wy binne acht man sterk - wy binne mei ús achten.
Lyts man wêze - nei beskuldiging of fernedering net folle mear te keap ha.
Earne gjin man fan wêze - earne gjin leafhawwer fan wêze.
Altyd de moaie man bliuwe - in oar it smoarge wurk dwaan litte.

Belangrike data...

Sneon 16 okt.	Kritemiddei mei breamiel yn Boarterstúngebou Boswinkel Enschede. Ynloop fanôf 13.30 oere.
16 sept. 2023	Frysk Boun om Utens bestiet 100 jier!

Sneon 16 oktober, krite-middei, wolkom!!!!

Alles liket der op dat ús krite-middei troch gean kin. We hawwe der sin oan inoar wer te sjen. Ynloop 13.30 mei kofje/tee en oranjekoeke. Begjin 14.00 oere. Boarterstúngebou Boswinkel, Beneluxlaan 50 Enschede.
Wy hawwe dan earst in koarte fergadering om nije plannen te besprekken, en efkes oer de feroaringen yn it bestjoer (sjoch fierderop). Dan sjogge we in film oer it wurksame libben fan Grieteke van der Veer, dy't tûzenen lytse bern op'e wrâld holpen hat as poppeheinster. Se sil der ek oer fertelle. Dan skoft! Dêrnei fertelt Siebe Hiemstra eat oer it o sa frjemde muontsen-skiereilân Athos yn Grikelân, wêr't al mear as tûzen jier nea in frou west hat, behalve Maria, de mem fan Jesus. Der binne op Athos wol sa'n 20 kleasters, Gryks-orthodoxe, Roemeens-orthodoxe en Russisch-orthodoxe. Je fiele je dêr alhiel yn de Midsiuwen. Siebe hat dêr fjouwer dagen omrûn. Hy lit der ek plaatsjes fan sjen. Ek de froulju meie se sjen. Wa't wol kin dêrnei noch bliuwe foar gesellich mei-inoar bôle-iten om 17.30 oere. Graach ha wy, dat jimme jim efkes opjouwe foar de middei en/of it bôle-iten. Graach sa gau mooglik. Wa't mei yt, kin dêr in frije gift foar dwaan. Opjaan by Grieteke van der Veer 074 - 2918564 of Siebe Hiemstra 0546 - 840484. It wurd fêst in fijne middei!

Bestjoerssaken
Joukje Eringa-Postma stoppet om persoanlike reden as bestjoerslid. Is der immen dy't har plak ynnimme wol? Piet Visser, ús ponghalder út Almelo, hat te krijjen mei slimme sykte, al giet it op dit stuit noch aardich goed. Hy hat it ponghâlderskap oerdien oan syn freon Pier Bergsma út Wierden. Dit moatte de leden noch wol akkoardzje. We hoopje dat Piet en syn frou noch in goede tiid hawwe.
Bestjoerslid Grietsje Posthumus út Hengelo wie yn 2020 ôftredend, mar wol noch wol wer opnij. Foarsitter Siebe Hiemstra wie begjin 2021 ôftredend, maar wol ek wol wer fierder.
De leden moatte ek dizze saken akkoardzje. ☐ It bestjoer

Reklame

Sibesma is no jûns by de doarren lâns om te freegjen oft wy ek nei de reklame sjoen ha op de televyzje en hoe't wy dat fûnen. Ik leau dat er it trochjaan moat en dat der dan wat sinten foar kriget. Ik ha tsjin him sein dat wy noait nei reklame sjogge, mar dan ek noait. Doe wie 'k yn ien kear fan Sibesma ôf. Wat soe dy man noch befreegje? By Melle hat er al yn'e hûs west. Melle woe wol in wurd kwyt oer dy reklame en naam gjin blêd foar de mûle. "Waardeloas, om mar gjin raarder wurd te brûken. Ik wit net wa't it útfynt. Ik sis wolris tsjin Beitske, sokken moatte al in bedroefd lyts bytsje ferstân ha. Tochten jo dat Beitske der ien stikje sjippe mear om keapje soe omt sa'n healneaken frommes foar de televyzje seit dat it sa bêst is? Wy binne noch wol by ús oerdiel. Wat miene se wol? Neffens sizzen moatte der kapitalen tsjinoan smiten wurde. Sokken meie it jild wol gram wêze en net witte wêr't se der mei hinne moatte."
Sibesma freege ek noch oft er de iene reklame better fûn as de oare. Melle tikke mei de finger op'e tafel en sei: "Jo kinne opskriuwe: *Poppekast!* Mear sil ik hjir net fan sizze."

□ Paulus Akkerman út "Wat wie 't wat"

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: goarre, guds, gysten.
It foel my ris op, dat we yn't Frysk sa'n soad sizwizen mei it wurd *"ein"* ha; folle mear as dat it Nederlânsk mei it wurd "eind" hat. Ik ha 7 derfan ûnderinoar opskreaun. En ek in rychje fan de betsjuttingen makke, mar fansels yn in oare folchoarder en hjir stiet tusken heakjes in letter by. As jo no dy letter foar de goede byhearrende sizwize sette, dan komt der fan boppen nei ûnderen in Frysk wurd te stean fan eat der't je meastal net blier fan wurde.

.. De ein yn'e bek ha.	Te min krije. (i)
.. It by de ferkearde ein ha.	Oerstjoer wêze. (o)
.. Op ien ein wêze.	Mei eat oan de gong wêze. (n)
.. Ut ein sette.	Ongelyk ha. (t)
.. Jins ein net slûpe litte.	Begjinne. (r)
.. Oan krapper ein komme.	Tige wurch wêze. (s)
.. Eat by de ein ha.	Net fan miening feroarje. (e)

□ Eeke

It hûs fan Waling-om

Waling-om, witte jo wa't dat is? De folksskriuwer Waling Dykstra waard sa neamd. Hy hat û.o. it liet Simmermoarn skreaun *("Wat bisto leaflik, rizende simmermoarn ..")*. Krekt 200 jier lyn (aug. 1821) waard er yn Froubuorren geboaren en hy wie 92, doe't er yn Holwert stoar. Hy wie earst bakker yn Spannum, krige letter in baantsje by in boekhandeler yn Frjentsjer en teach yn 1861 nei Holwert, Hegebuorren 8. Yn dat lytse hûske, nei alle gedachten ek noch sûnder harkeniel, fêstige hy him as selsstannich boekhanneler. Hy wenne dêr mei frou en alve bern. Hy skreau der toanielstikken, ferhalen en gedichten yn it Frysk, sa as it doe deistich brûkt waard, en ek yn it Bildtsk. Sûnder him wie it Frysk faaks hielendal gjin skriuwtaal wurden. Ek wie er bang dat dy moaie Fryske taal ferdwine soe; dat beskriuwt er yn it liet De Fryske taal, mei dêryn de sin: *Mar ik sil stride, sa lang ik stride kin foar Fryslâns taal en frije Fryske sin.* En dat hat er dien, mear as fyftich jier lang! Hy hat in boarstbyld yn Holwert krigen, mar syn hûs stie al jierren te fertutearzjen. Dêr komt dan no feroaring yn. In man út Abcoude hat it kocht. Hy wol it hûs restaurearje litte, der in skriuwershûske fan meitsje mei in Walingmuseumke. En achter it hûs moatte dan keammerkes komme foar de ferhier. □ Eeke de Boer

Lauwersmar, op 'e grins fan Fryslân en Grins

By it hearren fan de namme Lauwersmar, begjinne fûgelkenners al te wettertoskjen. Yn dit nasjonale park op'e grins fan Fryslân en Grins, briede mear as hûndert fûgelsoarten. It is in feilich flechtgebiet foar waadfûgels en alle jierren oerwinterje der tsientûzenen guozzen dy't de kjeld fan Siberië ûntflechte binne. Yn'e maitiid en hjerstmis, as de fûgeltrek op syn hichtepunt is, is it fûgelfeest folslein. Op ien dei trijetûzen lytse swannen sjen of tritichtûzen brânguozzen, is ymposant. Foar de leafhawwers is de Fûgelsjochhutte by Ezumakeech ûnwjersteanber, want dêr is de kâns it grutst om bysûndere fûgels as de steltkluut of de grauwe franjepoat te sjen. Boppedat hâlde der sûnt in pear jier ek twa see-earnen ta yn it Lauwersmargebiet. Yn de sechstiger jierren wiene der in soad protesten tsjin it ôfsluten fan de Lauwersee. Dat is dien om it achterlân tsjin oerstreamingen te beskermjen. Der soe in soad kostbere natuer ferlern gean. Yndied binne nei 1969 de sânbanken, de geulen en eb en floed ferdwoen. Mar neist mear feilichheid ûnstie der ek nij weardefol lânskip; dún, wyldernissen en slikkige gerslannen wêr't Konikhynders en Skotse Heechlanders de begroeiing koart hâlde. Toch groeie der ek noch wol planten dy't hâlde fan sâlt yn'e grûn. En yn de bosken binne noch skulpen te finen fan kokkels, moksels en strângapers. Lauwersmeer: *www.staatsbosbeheer.nl*

☐ Oernommen út "200 Plekken die je echt gezien moet hebben in Friesland" fan Annemarie Bergfeld

Hjerst *(Thea de Jong)*

It is dien
dat baaien yn 'e sinne
dat sitten yn it skaad
en de sinnebril dy kin
no wol yn it laad.

It reint en de wyn
dy komt by flagen
it blêd dat falt
en koarter
wurde de dagen.

En yn 'e Hommerts
op 'e hoek
seach ik in man
yn 'e koarte broek.
Ik tocht dat is in kâlde
dy wol wis sa
de simmer noch fêst hâlde.

Oer datum

Hjoed ha wy “oer datum” iten. It wie wer safier. Yn’e itenskast ha ik altyd in romme foarrie fan alles en noch wat. As derûnferwachts besite komt, wol ik wat yn’e hûs ha. Meastal komt der net ien en kasthimmelje is net myn sterkste punt. Mar no kaam ik hieltyd fan dy sulverfiskjes tsjin tusken de doaskes en de pakjes, dat de hiele brot der mar út. In rige skoander ytbere waar wie al oer datum. Skande! Guon minsken moatte ferhongerje en dit soe ik samar fuortsmite?
Froeger hiene wy ek gjin datum en der is ús neat fan oerkaam. Dúdlik dus. Ite wat de pot skaft, ek al is dat “oer datum”. Altyd noch in stik better as ferhongerje. Ik naam in pakje sipelsop, in pot reade biten en de hâldbere molke brûkte ik foar in pakje ierappelpuree en grysmoalpudding.
In echt luie-wive-miel. “Lekker,” sei myn libbenskammeraat.
“Us mem soe wol sizze, as de kening hjoed krekt sa lekker yt as wy, dan hat er neat te kleien.”

□ Jantsje Oost

Minne dei *(Grytsje Kingma)*

Neat wat my hjoed slagje wol
’k sit oeral yn betize.
Want och myn holle sit sa fol,
ik fiel my in ferliezer.

Neat wat yn my in útwei fynt,
’t sit fêst, it bliuwt mar sitten.
Dy tinzen binne sa ’t it skynt
net maklik los te litten.

Neat wat ik noch betinke kin,
ik lit my mar wat driuwe.
’t Is krekt as ik mysels net bin,
ik kin it hast net leauwe

Neat wat my hjoed
út hannen komt.

Ik sil mar ris in eintsje om
ik soe it oars net witte.

Sa rin ik hjir no bûtendoar,
ik waai wer skjin fan binnen,
in frisse noas, dat fielt al oars,
it docht my goed dat rinnen.

Niiskrekt hie ik alhiel gjin moed,
ik koe it nearne fine.
No fiel ik my wer sterk en goed
de sinne kin wer skine.

Beret pak ik de tried wer op,
ik meitsje koarte metten.
Net langer min, net langer slop
dy sleauwens is fergetten.

Terp fan de Takomst by Blije

Oardel kilometer bûten de Waaddyk by Blije komt in nij keunstwurk, de *Terp fan de Takomst*. De terp wol besikers stil stean litte by de rêst en de skientme fan it lânskip. It wurdt in nij belevingsplak om minsken nei de Waadkust te lûken, om âlde ferhalen te fertellen en ek om nije ferhalen ûntstean te litten. Dat is de bedoeling fan de ynwenners fan Blije. It ûntwerp fan de bysûndere terp is fan in keunstnerskollektyf út Rotterdam. It midden fan de terp is net heech, mar leech. It moat it plak wurde om stil te stean en om je hinne te sjen. Der steane in soad houten peallen yn in sirkel omhinne. It projekt is in gearwurking fan Doarpsbelang Blije, It Fryske Gea, it Terpensintrum en Sense of Place. It giet rap mei de bou fan de terp. Fan fierôf kinne je de kontoeren al sjen. De terp moat de ferbining tusken it doarp en it Waad wer sichtber meitsje. Begjin oktober moat de terp klear wêze. By Arcadia, it ferfolch op Kulturele Haadstêd, wurdt de terp takom jier offisjeel yn gebrûk naam.
Yn 2023 wurdt Blije it sintrum fan in lânskipsbiënale. □ Eeke

Noch wat oer Blije. It Waadfûns jout 50.000 euro súbsydzje foar in moetingsromte yn in âld doarpskafee yn Blije. It is de bedoeling dat de âld herberch Veldzicht in húskeamerkafee wurdt. It gebou stiet al in skoft leech, mar it waard wol brûkt as fergaderromte troch ferienings. By de Blijers is der ferlet om elkoar earne te moetsjen. Dêrom is dit plan foar de húskeamer betocht. Se kinne der û.o. itensiede en ite, wêrmei iensumens tsjingien wurdt. Dêrneist kinne der famyljefeesten plak fine. □

Nijs út Fryslân

70 jier Kneppelfreed. Op 16 novimber 1951 wie it reboelje op it Saailân, *Kneppelfreed,* of *De slach op it Saailân*. Mei kneppels en wetterkanonnen ferdriuw de plysje in grut oantal Friezen fan it Saailân. By offisjele ynstânsjes mocht doe noch gjin Frysk brûkt wurde en op de measte skoallen wie it Nederlânsk de iennichste taal. Oanlieding wie dat de kantonrjochter yn it Hearrenfean in fertochte útlake hie omt er Frysk prate. De sjoernalist Fedde Schurer ferlike de kantonrjochter doe mei in Fryske rover út de 16e iuw. Foar dy belediging moast er tegearre mei in oare sjoernalist foar it gerjocht yn Ljouwert komme op 16 novimber. Der ûntstie fjochterij tusken foarstanders fan it Frysk, sjoernalisten en nijsgjirrigen. Sûnt dy tiid is de posysje fan it Frysk wol ferbettere. Yn 1955 binne twatalige skoallen tastien en fanôf 1956 mei Frysk yn de rjochtseal brûkt wurde.

Pier 21. Santich jier nei Kneppelfreed spilet Pier 21 yn in ko-produksje mei skouboarch de Harmonie, de foarstelling *Kneppelfreed*. It giet oer it belang fan de memmetaal en de persoanlike wrakseling fan in protte Frysktaligen mei harren taal en identiteit. Bouke Oldenhof hat it skreaun. Dêryn komme trije rjochtsaken oan de oarder, neist de saak fan Feddde Schurer ek dy fan de Blokkear-friezen. De foarstelling wurdt yn oktober en novimber spile yn it Paleis fan Justysje yn Ljouwert.

Old Frisian Summer School. Sa'n 50 dielnimmers út de hiele wrâld, û.o. út Korea, Hongkong en de Feriene Steaten, namen yn de twadde wike fan july diel oan de online lessen en harkkolleezjes oer it ald Frysk, it Frysk sa 't dat yn de midsiuwen praat waard. De simmerskoalle wurdt organisearre troch de Ryksuniversiteit fan Grins en de universiteit fan Oxford. It is de twadde kear dat de simmerskoalle holden wurdt. De earste edysje wie yn 2019 yn Oxford. It doel wie om de simmerskoalle it iene jier yn Oxford en it oare jier yn Nederlân te hâlden mar troch de coronakrisis is dit jier keazen foar in online simmerskoalle. It Frysk fan no is der net altiten op dizze manier west. Yn de midsiuwen hat it hiel oars klonken, mar dat wie wol Frysk. It Aldfrysk kin noch hieltyd bestudearre wurde, trochdat der stikken Aldfrysk bewarre binne. Der is doe fan alles opskreaun yn boeken en manuskripten. Yn de midsiuwen like it Aldfrysk op it Aldingelsk. De talen binne famylje fan elkoar. De kursus is foaral bedoeld foar studinten dy't har ferdjipje yn de Germaanske talen. □

Kollumerland c.a.

It wie altyd al in wat aparte gemeente-namme, “Kollumerland c.a.” yn’e noard-east hoeke fan Fryslân, ûnder de âld-Lauwersee tsjin Grinslân oan. De beide letters stiene foar *cum annex* (met bijbehoren), dêrmei waard bedoeld Nieuwkruisland. De gemeente hie dus einst in dûbele namme “Kollumerland en Nieuwkruisland”.
Mar der wie mear dûbel as allinne de namme. Yn de doarpen ten westen fan Kollum waard Frysk praat, yn Kollum sels in soarte fan Stedfrysk en yn de doarpen fan Nijkrúslân: Muntsjesyl, Warfstermûne, Kollumerpomp en Boerum (Burum) in soarte fan Grinzers.

Mar ek dizze gemeente bestiet net mear, sûnt twa jier is it part fan de grutte nije gemeente Noardeast-Fryslân, wêr’t ek Ferwerderadiel en de Dongeradielen (mei Dokkum) by hearre. It Fryske part fan de Lauwersmar falt sadwaande ûnder ien gemeente en dat is goed om de tanimmende rekreaasje te organisearjen. Kollumerlân hat noch wol in erfenis foar de nije gemeente. Goed tritich jier lyn is der in krûdfabryk (net foar keukenkrûden, mar foar munysje) yn de Kollumerwaard delset, in filiaal fan it fabryk yn Muiden dêr’t in ûntploffing west hie. It fabryk by Kollum is ek al wer jierren ticht, mar de restanten steane der noch. Se bin der wat mei oan.
Fierders is Boerum bekend fanwege de grutte radio-teleskopen *“It grutte Ear”;* de iene set wurdt brûkt foar satellyt-kommunikaasje en de oare set is fan de AIVD en de MIVD (de Nederlânske geheime tsjinsten) mei ôflústerjen en spionaazje as haaddoel. □

Rink van der Velde



Rink van der Velde (1932-2001) waard grut op 'e Sweach, folge de mulo yn Drachten en wurke as jonge fan achttjin in skoft by in boer yn Frankryk. Nei syn tsjinsttiid waard er sjoernalist, úteinliks by de Ljouwerter Krante. Hy ûntjoech him as betûft skriuwer fan romans, ferhalen en 'stikjes'. Altyd lei syn hert by de ferhûddûke minske dy't him net yn it systeem skikke wol. Syn ûnderwerpen en tagonklike, smeudige styl fan skriuwen makken him ta de meast lêzen Fryske skriuwer fan syn generaasje. Bekinde boeken fan him "De Fûke", "Feroaring fan lucht" mei Durk Snoad en "Pake Sytse". Hjirûnder in stikje út it de rubryk "Bokwerder Belang". Yn bryk Nederlânsk.

"Zoals uit 'n annonce in ons vorige nummer blijken deed, hebben wij hier in Bokwerd thans een z.g. privé club en wel in de boerderij waar voorheen Heine Grupstra op zat, welke in de sanering is gegaan en zoals wij allen weten heeft er eerst een commune in gezeten, maar dat is al redelijk gauw op de non gelopen en toen meer als een jaar leeg gestaan, maar thans is de plaats mooi opgeknapt en wij hadden al eens gedacht: wat zal dat? Want wij hadden bij de streek al enige geruchten gehoord.
En ja hoor, daar kwam twee weken geleden de man, welke wij daar al vaker hadden zien omstruinen, bij ons en wilde graag een advertentie in ons blad. Wij hadden dadelijk wel voor het verstand, dat dit spul luizen had en zeiden, dat wij dit toch eerst wel eens even in ons om wilden gaan laten en in overleg treden met Dorpsbelang, wat hij hem wel indenken kon. Dat wij hebben het eerst even met het dagelijks bestuur over gehad, hetgeen aanvankelijk verdeeld was. Doeke Vaartjes was van bedenken, dat iedereen het zelf maar weten moet. De boerderij staat 'n aardig eind uit de mensen, dat geen één heeft er last van aldus Doeke Vaartjes. En er is helemaal geen nieuws onder de zon, want vroeger had men ook in de dorpen een huisje van houdaan, waar vrouwen toehielden met een winkeltje onder de schort, maar toen hield men dat stil en nu plaatst men een annonce in de nieuwsbladen. [..]" □

Skriezen yn Portugal

Rjochterlik advys wichtige stap yn it kearen fan in fleanfjild by Portugeesk skriezegebiet.

Al hast twa jier sit de fûgelbeskerming yn noed oer in nij fleanfjild dat it Portugeeske regear by Lissabon oanlizze wol. Dat fleanfjild kin de skriezepopulaasje slim bedriigje, sa ferwachtsje tal fan natuerorganisaasjes. De Portugeeske fûgelwachten en de miljeu-groep *Client-Earth* hawwe in rjochtsaak opset om de bou fan it fleanfjild te kearen.
It gebiet yn de mûning fan de Taag, is tige wichtich foar de skriezen. As dy fûgels út Afrika wei komme, is it ien fan de plakken dêr't se útrêste en opfetsje kinne om de reis nei Fryslân te meitsjen. Fan fleantugen by it gebiet soene de fûgels skrikke kinne en enerzjy ferlieze kinne. Uteinlik kin de fersteuring der ek foar soargje dat der yn Fryslân minder aaien lein wurde en oerbliuwe.
Der leit no, sûnt moandei 13 septimber, in wichtich rjochterlik advys fan de Portugeeske Public Prosecutor. Dat amt is ferlykber mei dat fan in advokaat-generaal fan de Hege Ried. It giet om in "zwaarwegend advies" oan de rjochtbank. Dat hâldt wol yn dat it net binend is.

Wichtich is dat de Public Prosecutor konkludearre hat dat it ûndersyk fan de oerheid ûnder de maat west hat en dat dêrby nochal wat flaters makke binne. Dêrmei is de kâns op in fergunning folle lytser wurden. □

Heechfean yn it Fochteloër fean werom

It Fochteloër fean op de grins fan Fryslân en Drinte wol mei in proef nij heechfean krije dat út himsels nea wer werom groeie soe. Dat moat barre mei driuwende ôfbrekbere bio-matten, meldt RTV Drenthe. Op dy matten krije lytse feanmoasplantsjes in kâns. De matten binne makke fan ierpelsetmoal. It wetter yn it heechfeangebiet is te djip wurden. Dêrtroch kaam der te min ljocht by de planten en groeide it fean net mear oan.

Dokkumers

Fan Dokkumers waard wol sein dat se net al te snoad binne en dêr binne dan ek nochal wat grapkes oer makke:

- De Dokkumers woenen in brekfallige toer fan de âlde abdij ferkeapje. Mar dan allinnich de ûnderste helte, de boppenste helte wie noch goed.
- De beammen op de bolwurken waarden kappe. De hurdwurkjende Dokkumers seagen de beammen om en tilden se nei ûnderen. Der kaam ien lâns dy't sei dat se de beammen folle makliker nei ûnderen rôlje litte koene. De Dokkumers betanken de man hertlik, tilden alle beammen wer nei boppen en lieten se doe fan it bolwurk nei ûnderen rûgelje.

In hjerstdei

Dreech wrakselet
it lêste ljocht
fan dizze hjerstdei
him troch de ruten.
Tagelyk glinsterje
de dakken fan de huzen.
De moanne strielet
en set alles yn in sulveren glâns.
Soe it winterje wolle?

Doeke Faber

Droege preken

Der wie brân útbrutsen yn it hûs fan de dûmny. Lokkich hie de brânwacht alles gau ûnder kontrôle.
"Spitich dat alle preken fan de lêste tsien jier opbaarnd binne," sei dûmny doe 't de skea opnaam waard.
"Logysk," sei de brânwacht-man, "se wiene ek sa droech as hoppe."

(advertinsje)

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgongspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden
tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres
Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in kompleet oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Ir. Abe Bonnema Stichting · provinsje fryslân provincie fryslân · SNN · Ministerie van Economische Zaken, Landbouw en Innovatie · BankGiroLoterij CULTUUR MAAKT JE RIJKER

Resept

Hutspot mei poddestuollen (yn pleats fan bargefleis)

Nedich: *900 gr. ierappels; 500 gr. winterwoartels; 500 gr. sipels; 250 gr. wylde poddestuollen of kastanjesjampinjons; 1 tean knyflok; 50 gr. sachte bûter; 1 ytl. moster; wat fyn haksele piterseelje en sâlt en piper út de mole.*

Skyl de ierappels en snij se yn like grutte stikken, doch yn in panne. Snipperje de sipels en winterwoartels of helje se los fan elkoar út in foarsnien pakket. Hâld ien ytleppel sipel apart en skep de rest op de ierappels. De woartels noch net. Jit der no safolle wetter by dat der noch krekt hjir en dêr wat sipel boppe út stekt. Sâlt tafoegje en op heech fjoer siede en dan mei it lid der op noch 15 minuten soarje litte. No pas de woartels derby dwaan en meisiede litte oant se krekt gear binne, mar net te sacht (ûng. 10 min). Undertusken de achterholden leppel sipel noch finer hakselsje, tegearre mei de knyflok. Dit mei wat bûter yn in grutte pankoekspanne fruitsje. Snij de poddestuollen yn stikken en bak se 4 minuten mei oant se weak binne. Bestruie mei sâlt en piper en de helte fan de fynhaksele piterseelje. De panne mei hutspot ôfdreagje, eefkes goed útdampe litte en dan trochinoar stampe mei de stamper. De oerbleaune bûter dertrochhinne rierde en op smaak meitsje mei sâlt, piper, moster en de lêste piterseelje. Skep de hutspot op de boarden en de poddestuollen der boppe op.

☐ Oernommen út “Het grote zonder pakjes & zakjes kookboek”

NB! Helje noait sels poddestuollen út de bosk. Mar keapje se by de grienteman, op de merk of yn de supermerk.

Sweltsjes *(Hindrik van der Meer)*

Yn ’e simmer wenje de sweltsjes
mei de kokes en de kealtsjes
op de pleats fan Sibesma.
Mar as’t kâld is
is ’t wizansje,
gean de sweltsjes op fakânsje
nei it waarme Afrika.

Tiden hawwe tiden

It "Dokkumer Lokaaltsje" is bekend wurden fan it liet, mar yn dy tiid riden yn Fryslân op folle mear plakken treinen en trams. It gie net sa hurd as hjoed-te-dei, mar je koenen rûnom hinne. Drachten wie in knooppunt, der ried in tram oer De Gerdyk nei it Hearrenfean (1884), in tram oer De Pein, Nijegea, Sumar en Burgum nei Feanwâlden (1886), en de belanrykste ferbining út 1913 wie fan Drachten oer Marum nei Grins. Dy lêste waard ek wol de *"Philipslijn"* neamd.
Nei de oarloch, oan't ein fan de 40-er jierren hâlde it stadichoan op. De Philipslijn hat noch in skoft foar frachtferfier brûkt west.
Faaks binne der leden fan ús krite dy't hjir noch mear oer witte. □

Wêr wiene yn Nederlân de earste ferkearsdrompels?

Dat wie by kasteel Drakestein. Claus en Beatrix hiene noch lytse bern. Pake prins Bernhard, dy't al fanôf it begjin hiel enthousiast wie oer it racen op Zandvoort, kaam faak mei in gong fan 100 de opleane nei Drakestein opstowen. Claus wie dea-ûngerêst oer syn bern. Hy prate mei syn skoanheit, mar neat holp. Doe liet er dêrre drompels yn'e reed meitsje, en dat holp! Doe moast syn skoanheit wol om lyk!

Boekenijs

Bûsboekje 2022. De iennichste Frysktalige aginda, je kinne der net bûten. It tema fan it boekje foar 2022 is "Romte", yn mear as ien bestjutting. It bûsboekje is in útjefte fan de Ried fan de Fryske Beweging. www.bûsboekje.frl
Priis: 7,50 + ferstjoerkosten.

Wat wy seagen, Hanna Bervoets. Fryske fertaling: Baukje Zijlstra. It boekwikegeskink fan dit jier dat ek no wer yn it Frysk oersetten is. Haadpersoan Kayleigh kin nei finansjele problemen in baan krije as kontentmoderator foar in grut online platfoarm. Se beoardielet hokker oanstjitjaande foto's, filmkes en tirades ferwidere wurde moatte. Dat giet dan foaral oer de sosjale media. Yn de Boekewike fergees by 15,00 euro oan boeken.

It bêste fan Nyk de Vries, Humor út de Wâlden. Skriuwer en dichter fan Fryslân en muzikant Nyk de Vries makket al jierren ultrakoarte komise ferhalen. Yn dit boekje binne de aldermoaisten bondele, mei prachtige tekeningen fan Willie Darktrousers. *Priis: 7,50.*

Lockdownleafde, Hilda Talsma. Panhuys is de populêrste klup yn Ljouwert. Dat komt foaral troch de eigener en DJ Ewald, dy't de sfear ta grutte hichten wit te bringen. Mar dan komt koroana. It lân leit plat, de klup moat slute en Ewald is syn hâldfêst kwyt. As er syn suster helpt mei de húshâlding, docht bliken dat er dêr tige de slach fan hat en al gau bedarret er ek op oare plakken. *Priis: 9,95.*

It Frysk is dea en oare fleurige ferhalen, Freddie Scheltema. Dit boek is in samling fan gedichten en koarte ferhalen. It is proaza en poézy oer it deistige libben, mar mei in flinke knypeach.Fleurige ferhalen en oertinkingen fan "De hûnen fan Barry Hay" oant "De Hooliganbus" en de absurdistyske gedichten "By de kofjeautomaat". Want der mei bêst wol wat mear lake wurde yn de Fryske literatuer. *Priis: 12,50.*

Jentsje Popma, kunstenaar met een missie. Op 30 septimber hopet keunstner Jentsje Popma syn 100ste jierdei de fieren. Jentsje traktearret mei de útjefte fan in prachtich boek dat syn libben en wurk beskriuwt. Yn it twadde part fan it boek is in grut oantal fan syn wurk opnaam. Achter syn lânskipsskilderijen sit in oprop om sunich te wêzen op ús lânskip. Hy skildert de Wadden en de diken en it lân en hat benammen each foar de linen yn it lânskip; minsken wês sunich op al dit moais! De útjefte fan dit boek is ta stân kommen mei stipe fan Stifting Nijkleaster. NL-talich. *Priis: 24,90.*

□ Ali

Witte jo dat .....

- Hylke Speerstra fan't maitiid 85 jier wurden is en er neffens eigen sizzen no syn lêste boek *Testamint fan de siel* skreaun hat? Hy hat elkien mei in advertinsje útnoege om in taartsje te iten yn De Gerdyk, wer't de minsken dan in sinjearre boek keapje koene. En it wie drok!
- Der wer mûntsen op Skiermûntseach wenje? Se ha harren kleaster no yn it eartiidske hotel Rijsbergen, in lânhûs út 1757. Se ûntfange der no gasten om mei har de stilte te belibjen en tsjerketsjinsten mei te meitsjen.
- It Ljouwerter Alvestêdemonument ek de nammen krigen hat fan de froulike winners? Se telden eartiids net mei. Dat hat de ferieniging De Friesche Elfsteden yn de gearkomste fan jannewaris rjocht set. En sa beitelet no de soan fan Wopkje Kooistra út Wergea har namme by it jier 1941; Wopkje wie doe noch mar 16 jier âld.
- De PC dit jier wol trochgien is? It partoer fan Gert-Anne van der Bos, Taeke Triemstra en Erwin Zijlstra wie de winner op it "hillige gers" fan it Sjûkelân. Erwin Zijlstra is ta kening utroppen, hy mocht de sulveren bal drage.
- Jo tsjintwurdich op de Fryske marren farske pizza's krije kinne? Twa manlju binne fan't simmer begûn mei it pizza bakken op in hûndert jier âlde pream. Se farre nei ferskate plakken yn it Fryske wetterlân.
- It op 11 novimber wer Sinte Marten is en op 5 desimber Sinterklaas?
- Fan hokker plak wy in foto efter op dizze Twirre hawwe? De foarige kear stie it lytse doarpke Greonterp (by Blauhûs) op'e foto.

fryske winkel

boek kado cd idee

skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl ynfo@afuk.nl

Frysk tichtby afûk

Echte Bakker Wouda
Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken

Wouda
De *Echte* Bakker
Hengelo
Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63